

Fryske Akademy hâldt fjouwer dagen jierdei

*In farrend kongres, in dei fan de
Lauwerssé en in feestjoun*

Dat de Fryske Akademy ta syn 25
jierrich bistean in „farrend kongres“
hâlde soe, hawwe wy al ris meidiel.
Nou binne dêr ek bysûnderheden oer bi-
kend wurden. It jubileum sil titocht wur-
de op de lêste fjouwer dagen fan august-
us. De fjouwer dagen, te witten 28 en 29 august-
us, bringe de dielnimmers troch op de
Prinsehôf, dy't troch it Prinsehôf fart
en it kongres nei Grou ta bringt. Dat
is dan de woansdeis. De moarns wur-
de der, oan board ynliedingen hâlden
oer de Wâlden fan drs. J. J. Spahr

van der Hoek, D. J. van der Meer, fr.
D. Tuinstra en M. Minnema, wylst nei
de koffjetafel de flora en fauna fan it
wetterlân op it aljemint komt mei yn-
liedingen fan Rinke Tolman, H. F. de
Boer, D. T. E. van der Ploeg en M.
Wiegersma. De jouns wurdt it kongres
op it gemeentehûs to Grou ûntfongen en
jowt it Grouster Mingd Koar in konsert
yn tsjerke.

Tongersdei de 29ste fart men oer de
Snitser mar nei Boalsert. Thema is de
moarns de Súdwesthoeke mei as sprek-

kers dr. F. Bloemhof, J. Piebenga en
D. A. Tamminga. De middeis sille dr.
Y. Poortinga, Jo Smit en drs. Kl. de
Wit gear oer de Fryske roman. Ek yn
Boalsert is der in ûntfangst op it stêd-
hûs, it skutterijmuzyk spilet en de skots-
ploech dounset. De freed is it „Lau-
werssé-dei“. De moarns bringe bussen
de dielnimmers nei Dokkum (ûntfangst
troch de boargemaster) en dan folgje
der ynliedingen oer de Lauwerssé fan
F. Sytsma, prof. dr. ir. J. L. Klein en
ir. C. van der Burgt. Nei de koffjetafel
wurdt der dan in bisliik brocht oan it
wurkeilân en de Skâns (Oostmahorn).

De eigentlike jubileumdei is sneon,
de 31ste. De moarns wurdt de jier-
gearkomste yn de Harmonie hâlden,
dêr't de Akademy de middeis ek re-
sepsje hâldt, en is der de jouns in
feestlik gearwêzen mei Frysk Orkest,
it fanfarekorps fan de Harkema, foar-
dracht, skimespul, toaniel en clave-
cimbelmuzyk, mei melwurking fan
ûnder oaren Pyt van der Zee, Feike
Boschma en Jacoba Kueter-Zwager,